

Beslút ta fêststelling fan subsydzjeplafons en iepenstellings fan de Subsydzjeregeling Kultuer en Mienskip Fryslân, dy't heart by it beslút fan Deputearre Steaten fan 10 jannewaris 2017, mei skaaimerke 01377882

Deputearre Steaten stelle foar de Subsydzjeregeling Kultuer en Mienskip Fryslân de neikommende subsydzjeplafons en iepenstellings fêst:

Paragraaf 2.1 Frysktalige literatuer

- a. Oanfragen foar aktiviteiten lykas neamd yn kêst 2.1.2, ûnderdiel a. oant en mei d., kinne fan 1 febrewaris 2017 oant en mei 28 april 2017 en fan 1 juny 2017 oant en mei 31 augustus 2017 yntsjinne wurde.
- b. It subsydzjeplafon foar kêst 2.1.2., ûnderdiel a. oant en mei d., is € 20.000, jildt fan 1 febrewaris 2017 oant en mei 28 april 2017 en € 15.000, jildt fan 1 juny 2017 oant en mei 31 augustus 2017;
- c. Bûten de ûnder a. en b. neamde perioades is it subsydzjeplafon € 0.
- d. Oanfragen foar aktiviteiten lykas neamd yn kêst 2.1.2, ûnderdiel e., kinne fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 29 septimber 2017 yntsjinne wurde.
- e. It subsydzjeplafon foar kêst 2.1.2, ûnderdiel e. is € 25.000, jildt fan 19 jannewaris oant en mei 29 septimber 2017; bûten dy perioade is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 2.2 Oersetten en bewurkjen fan literatuer

- a. Oanfragen kinne fan 1 febrewaris 2017 oant en mei 31 augustus 2017 yntsjinne wurde.
- b. It subsydzjeplafon is € 45.000, jildt fan 1 febrewaris 2017 oant en mei 31 augustus 2017; bûten dy perioade is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 2.3 Frysk Mediafûns

It subsydzjeplafon is € 0.

Paragraaf 2.4 Promoasje Frysktalige boeken

- a. Oanfragen kinne fan 1 febrewaris 2017 oant en mei 31 augustus 2017 yntsjinne wurde.
- b. It subsydzjeplafon is € 20.000, jildt fan 1 febrewaris 2017 oant en mei 31 augustus 2017, bûten dy perioade is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 2.5 Frysk taalgebrûk

- a. Oanfragen kinne fan 1 febrewaris 2017 oant en mei 31 augustus 2017 yntsjinne wurde.
- b. It subsydzjeplafon is € 15.000, jildt fan 1 febrewaris 2017 oant en mei 31 augustus 2017; bûten dy perioade is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 2.6 Útjaan Frysktalige literatuer

- a. Oanfragen kinne fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 28 april 2017 en fan 1 maaie oant en mei 31 augustus 2017 yntsjinne wurde.
- b. It subsydzjeplafon is € 50.000, jildt fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 28 april 2017 en € 50.000, jildt fan 1 maaie oant en mei 31 augustus 2017.
- c. Bûten de ûnder a. en b. neamde perioaden is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 2.7 Lân fan Taal

- a. De op 29 novimber 2016 fêststelde subsydzjeplafons en iepenstellings foar paragraaf 2.7 (Provinsjaal Blêd 2016, nr. 6443) wurde ynlutsen en ferfongen troch ûndersteande subsydzjeplafons en iepenstellings
- b. Oanfragen foar aktiviteiten lykas neamd yn kêst 2.7.2, ûnderdiel a., kinne fan 31 jannewaris oant en mei 28 febrewaris 2017, fan 1 maaie 2017 oant en mei 29 maaie 2017 en fan 2 oktober 2017 oant en mei 31 oktober 2017 yntsjinne wurde.
- c. It subsydzjeplafon foar aktiviteiten lykas neamd yn kêst 2.7.2, ûnderdiel a., is € 5.000, jildt fan 31 jannewaris 2017 oant en mei 28 febrewaris 2017, € 5.000, jildt fan 1 maaie 2017 oant en mei 29 maaie 2017 en € 5.000, jildt fan 2 oktober 2017 oant en mei 31 oktober 2017.
- d. Oanfragen foar aktiviteiten lykas neamd yn kêst 2.7.2, ûnderdiel b., kinne fan 31 jannewaris 2017 oant en mei 28 febrewaris 2017, fan 1 maaie 2017 oant en mei 29 maaie 2017 en fan 2 oktober 2017 oant en mei 31 oktober 2017 yntsjinne wurde.

- e. It subsydzjeplafon foar aktiviteiten lykas neamd yn kêst 2.7.2, ûnderdiel b., is € 25.000, jildt fan 31 jannewaris 2017 oant en mei 28 febrewaris 2017, € 35.000, jildt fan 1 maaie 2017 oant en mei 29 maaie 2017 en € 25.000, jildt fan 2 oktober 2017 oant en mei 31 oktober 2017.
- f. Bûten de ûnder a. oant en mei d. neamde perioaden is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 3.1 Brûsfûns
It subsydzjeplafon is € 0.

Paragraaf 3.2 Leechdrompelige kulturele aktiviteiten

- a. It subsydzjeplafon foar kêst 3.2.2, ûnderdiel a. is € 0.
- b. It subsydzjeplafon foar kêst 3.2.2, ûnderdiel b. is € 0.
- c. It subsydzjeplafon foar kêst 3.2.2, ûnderdiel c., is € 0.
- d. Oanfragen foar aktiviteiten lykas neamd yn kêst 3.2.2, ûnderdiel d., kinne fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 31 oktober 2017 yntsjinne wurde.
- e. It subsydzjeplafon foar kêst 3.2.2, ûnderdiel d., is € 30.000, jildt fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 31 oktober 2017; bûten dy perioade is it subsydzjeplafon € 0.
- f. Oanfragen foar aktiviteiten lykas neamd yn kêst 3.2.2, ûnderdiel e., kinne fan 19 jannewaris oant en mei 31 oktober 2017 yntsjinne wurde.
- g. It subsydzjeplafon foar kêst 3.2.2, ûnderdiel e., is € 10.000, jildt fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 31 oktober 2017; bûten dy perioade is it subsydzjeplafon € 0.
- h. Oanfragen foar aktiviteiten lykas neamd yn kêst 3.2.2, ûnderdiel f., kinne fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 31 oktober 2017 yntsjinne wurde.
- i. It subsydzjeplafon foar kêst 3.2.2, ûnderdiel f., is € 20.000, jildt fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 31 oktober 2017; bûten dy perioade is it subsydzjeplafon € 0.
- j. Oanfragen foar aktiviteiten lykas neamd yn kêst 3.2.2, ûnderdiel g., kinne fan 19 jannewaris oant en mei 31 oktober 2017 yntsjinne wurde.
- k. It subsydzjeplafon foar kêst 3.2.2, ûnderdiel g., is € 41.900, jildt fan 19 jannewaris oant en mei 31 oktober 2017; bûten dy perioade is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 3.3 Produksje profesjonele poadiumkeunsten en muzykkomposysjes

- a. Oanfragen kinne fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 31 maart 2017 en fan 1 maaie 2017 oant en mei 31 augustus 2017 yntsjinne wurde.
- b. It subsydzjeplafon is € 90.000, jildt fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 31 maart 2017 en € 90.000, jildt fan 1 maaie 2017 oant en mei 31 augustus 2017.
- c. Bûten de yn ûnder a. en b. neamde perioaden is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 3.4 Iepenloftspullen

- a. Oanfragen kinne fan 1 maart 2017 oant en mei 31 maart 2017 yntsjinne wurde.
- b. It subsydzjeplafon is € 45.000, jildt fan 1 maart 2017 oant en mei 31 maart 2017; bûten dy perioade is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 3.5 Útkeap teater en muzyk

- a. Oanfragen kinne fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 30 juny 2017 en fan 3 july 2017 oant en mei 31 oktober 2017 yntsjinne wurde.
- b. It subsydzjeplafon is € 35.000, jildt fan 19 jannewaris 2017 oant en mei 30 juny 2017 en € 35.000, jildt fan 3 july 2017 oant en mei 31 oktober 2017.
- c. Bûten de yn ûnder a. en b. neamde perioaden is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 3.7 Kulturele fernijing

- a. Oanfragen kinne fan 1 maart 2017 oant en mei 31 oktober 2017 yntsjinne wurde.
It subsydzjeplafon is € 45.000, jildt fan 1 maart 2017 oant en mei 31 oktober 2017; bûten dy perioade is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 4.1 Meartaligens yn it ûnderwiis

- a. Oanfragen kinne fan 3 april 2017 oant en mei 13 oktober 2017 yntsjinne wurde.
- b. It subsydzjeplafon is € 175.000, jildt fan 3 april 2017 oant en mei 13 oktober 2017; bûten dy perioade is it subsydzjeplafon € 0.

Paragraaf 4.2 Lesoeren Frysk yn it ûnderwiis

- a. Oanfragen kinne fan 1 maaie 2017 oant en mei 1 augustus 2017 yntsjinne wurde.

b. It subsidyplafon is € 115.000, jildt fan 1 maaie 2017 oant en mei 1 augustus 2017; bûten dy perioade is it subsidyplafon €0.

Paragraaf 5.1 Grutskalige sporteveneminten

a. Oanfragen kinne fan 2 jannewaris 2017 oant en mei 31 oktober 2017 yntsjinne wurde.

b. It subsidyplafon is € 120.000, jildt fan 2 jannewaris 2017 oant en mei 31 oktober 2017; bûten dy perioade is it subsidyplafon €0.

Paragraaf 5.2 Fryske sporten

a. Oanfragen kinne fan 2 jannewaris 2017 oant en mei 31 oktober 2017 yntsjinne wurde.

b. It subsidyplafon is € 70.000, jildt fan 2 jannewaris 2017 oant en mei 31 oktober 2017; bûten dy perioade is it subsidyplafon €0.

Ljouwert, 10 jannewaris 2017

J.M. Leemhuis-Stout, foarsitter

A.J. van den Berg, siktaris